

‘As ik dy net waskje mei...’

Preek foar Wite Tongersdei 2009
Johannes 13, 1-15

Gemeente fan Kristus,
bêste minsken,

1.

Yn it boek Hannelingen fan de Apostels seit Paulus tsjin de minsken fan Efeze, wannear't hy op it punt stiet om harren te ferlitten: ‘Jaan jout mear gelok as krijen’ (Hann. 20, 35) De oersetting fan de Statenvertaling is noch altyd it bekendst: ‘Het is zaliger te geven dan te ontvangen’. Dit fers út de Bibel is net allinne bekend mar it is ek tige werkenber foar ús. Paulus beropt him yn dizze lêste rede te Efeze op syn selsstannichheid. Hy hat de hân net op hoeven te hâlden. Hy hat sels arbeide en syn iten fertsjinne. En dêrneist hat hy foar de swakken soargje kinnen. Dat is wichtich foar him west. Hy hat foar himsels soarge en hy hat foar oaren soarge. Jaan jout mear gelok as krijen!

Dizze wurden fan Paulus jouwe in goede wjerslach fan it minsklike libbensgefoel, ek fan hjoed de dei. Wy wolle net ôfhinklik wêze, wy wolle de hân net ophâlde, wy wolle net dat in oar foar ús soargje moat. En tagelyk meie wy graach in oar helpe. Och heden, it jout ús in goed gefoel as wy immen helpe kinne, of wannear't immen ús freget om help. Ek al sille wy dat freegjen sels net sa fluch dwaan en sa lang as mooglik útstelle, foar in oar stean wy gau klear. Of net? Wy kinne de wurden út Hannelingen ‘it is silliger te jaan as te ûntfangen (Oersetting fan Wumkes yn de earste Fryske Bibeloersetting) miskien wol oanfolje mei de wurden: ‘it is dreger te ûntfangen as te jaan’.

2.

Paulus seit dat dizze wurden werom geane op de Hear sels (Hann. 20,35), ek al is foar ús ûndúdlik hokker wurden fan Jezus dat dan wêze moatte soenen. De wurden dy't wy hjoed fan Jezus hearre yn Johannes 13 wize lykwols in oare kant op.

It spilet him ôf flak foar Peaske en alwer ûnder it iten (fers 1). Jezus gie oerein fan 'e tafel, die de boppeklean út, krige in linnene doek en die dy om 'e mul. Dêrnei geat Hy wetter yn de waskkom en begûn syn learlingen de fuotten te waskjen en ôf te drûgjen. Dat betsjutte dat Jezus (symboalysk) de posysje ynnaam fan de leechste betsjinner, fan de slaaf fan 'e húshâlding dy't foar de gasten troch de knibbels gie en harren wolkom hiet en it stof fan de fuotten wosk. Dat is fansels net de rol fan de hear en master fan de húshâlding. Jezus makket himsels lyts, wurdt in tsjinner. Hy trochbrekt de hierargy fan grut en lyts, heech en leech, master en slaaf, God en minske.

Jezus docht dizze symboalyske hanneling om syn learlingen, syn freonen, wat te learen. Faak docht ien died, ien hanneling folle mear as 10 preken! Hy leart harren om inoar te tsjinjen: ‘jimme hearre inoar de fuotten te waskjen’(fs. 14). Jezus seit eksplisyt dat wy him neifolgje moatte: ‘Ik haw jimme in foarbyld jûn, dat jimme krektlyk dwaan sille as ik jimme dien haw’. Gjin tekst yn de Bibel sa dúdlik as dizze as it giet om it neifolgjen fan Jezus! Syn wei is net ‘onnavolgbaar’. It hert fan de kristlike spiritualiteit leit yn it neifolging fan Kristus.

3.

Dat Jezus ús freget om him nei te folgjen, om lyts te wurden en nederich, om ús libben te jaan foar oaren, dat past goed yn in de kristlike spiritualiteit. Yn it haadstik flak hjirfoar seit Jezus:

‘Dy’t hinget oan syn libben, rekket it kwyt; mar dy’t syn libben deroan weagje wol yn dizze wrâld, sil it behâlde foar de ivichheid.’ (12, 25) Of op in oar plak: ‘Gjin leafde is grutter as it libben jaan foar jins freonen’ (15, 13). Jezus hat ommers syn leafde oan syn freonen bewiisd oant it uterste ta (13, 1)

Mar, bêste minsken, dat mei sa wêze. Doch giet it te maklik en te fluch om no te sizzen dat dit ús spirituele wei wêze moat en kin. Jawis, wy moatte Him neifolgje. Jawis, syn symboalyske died is ús in foarbyld. Jawis, it jaan fan ús libben (yn it grut en yn it lyts) oan en foar oaren is tige wichtich. Mar de fraach oft der earst net noch wat oan foarôfgiet. Sit der net noch in stap foar? De fraach is ek of wy dit wol oankinne. Kinne wy samar Jezus neifolgje? Binne wy geastlik, spiritueel wol al sa fier? En as wy it al dogge, is it dan net foaral omdat ‘jaan mear gelok jout as krijen’? Mei oare wurden, dat wy goed binne foar oaren omdat it goed fielt, omdat it ús in goed gefoel jout? Net sasear mei as doel om oaren te helpen, mar foaral om ús eigen gefoel fan jaan en goeddwaan te befredigjen? Dêrom, bêste minsken, moatte wy net te gau yn Jezus’ sandalen stean gean. Dat moat wol, mar earst meie en moatte wy yn de skuon fan de learlingen stean gean. Wy moatte ús yn dit ferhaal net te gau identifisearje mei Jezus sels. Mar mei de learlingen. Earst mar mei Petrus en de oaren. Dus byldzje jimme yn, net dat jimme de fuotten fan oaren waskje, mar dat Jezus jimme de fuotten wasket.

4.

As wy Jezus neifolgje wolle, dan moatte wy Him earst by ús komme litte. As wy tsjinje wolle, dan moatte wy ús earst tsjinje litte troch Jezus. As wy lyts wurde wolle, dan moat Jezus earst lyts foar ús wurde. As wy nederich wêze wolle, dan moatte wy earst talitte dat Jezus him foar ús fernederet. As wy jaan wolle dan moatte wy earst witte wat ûntfangen is.

Petrus kin it net ferneare dat Jezus foar him troch de knibbels moat. Dat Jezus him tsjinnet: ‘Jo sille my de fuotten yn der ivichheid net waskje’ seit hy. Sa dreech is it om de fuotten waskje te litten troch Jezus. Sa dreech is it om dit te ûntfangen. It is de wrâld op syn kop. Wy moatte God tsjinje, net oarsom! Hoe dreech is it ek om ús helpe te litten. Om ta te jaan dat wy help nedich ha. Om ús kwetsberens sjen te litten. Hoe lang wachtsje wy foar’t wy tajouwe dat wy in rollator nedich ha? Dat wy sa hurd net mear kinne as ús bern? Hoe aaklik fine wy it wannear’t wy ús waskje litte moatte, bygelyks yn it sikehûs? Dat wy kinne ús Petrus syn reaksje wol yntinke. Hy wol sels, hy wol jaan, hy wol oaren helpe, hy wol Jezus tsjinje. Hy wol alles wol, mei alle goede bedoelingen. Mar hy moat earst leare te ûntfangen. Jezus makket him dat dúdlik sûnder der doekjes om hinne te wuoljen. It is hast wreed: ‘As ik dy net waskje mei... dan hearsto net by my! As ik dy net waskje mei ... dan hasto gjin diel oan my!’

Dat is it boadskip fan dizze Wite Tongersdei foar Petrus, foar ús. De spiritualiteit fan it neifolgjen fan Kristus begjint by it stilsitten en de akseptaasje dat Kristus ús de fuotten waskje wol. It helpen begint by it helpe litten. It dielen fan Gods goedens begjint by it besef fan ús eigen ôfhinklikens fan Gods leafde.

It neifolgjen fan Kristus komt net wei út it libbensgefoel dat ‘jaan mear gelok jout as krijen’. It giet net giet oer ús selsstannigens, net oer wat wy dwaan wolle en kinne. Nee, it neifolgjen fan Kristus groeit út it besef dat wy earne sloebbers binne en dat Jezus ús temjitte kaam is. Waakst út it witten dat Jezus it paad fan de leafde ta it uterste foar ús gien is. Is mooglik omdat Hy foarút gien is en it paad foar ús sljochte hat. It neifolgjen kin earst begjinne wannear’t wy ús de fuotten waskje litte.

Hoe graach as wy ek wat dwaan wolle, ús goede kant sjen litte wolle, God yn Kristus tsjinje wolle, ússels wol opofferje wolle, ús neiste leafhawwe, en alle goede bedoelingen fan de wrâld dy't wy ek hawwe, yn dizze dagen is dat net mooglik, is dat net nedich.

Dizze jûn jildt it wurd 'jaan jout mear gelok as krijen' net foar ús. Jezus giet allinne dizze wei, foar ús, foar de wrâld. En wy, wy sitte wy hjir jûn, wy litte ús de fuotten waskje, wy wurde betsjinne...

Amen.

(ds. Hinne Wagenaar)